

150 Jier Frysk Toaniel

De Rânestêd kriget fan it Ryk likernôch 3x safolle jild foar kultuer as dat de provinsje Fryslân kriget. Per ynwenner. En dochs soe der eins mear jild nei de Rânestêd moatte. Sis ik. Want der binne yn Fryslân folle mear ferieningen foar amateurtoaniel as yn de Rânestêd.

Dy Fryske amateurferienings hâlde fierhinne de eigen broek op. Mei in protte frijwilligers slagget it har om alle jierren opnij wer in oare foarstelling op de planken te bringen. Yn it Frysk.

Jierliks binne der sawat 500 produksjes te sjen yn doarpshuzen, kafees, teaters en yn 'e iepen loft. Der komme by in foarstelling tusken de 50 en 250 besikers, sis troch de bank nommen 100. Dan komme der yn ien jier op syn minst sa'n 500 x 100 = 50.000 besikers op al dy foarstellings ôf.

Ferlykje dat mei de ferkeap fan boeken. Der wurde yn it jier sa'n 50.000 Fryske boeken foar folwoeksenen ferkocht. Der geane dus hast mear minsken nei it Frysk toaniel ta as dat se in Frysk boek lêze.

De produksje fan Fryske boeken wurdt lykwols rynsk stipe mei provinsjaal subsydzjeld. Amateurferienings krije selden jild fan de provinsje, en at se al wat fan de gemeente krije, dan is it sa'n twa hûndert euro.

Wat ek opfalt is dat boeken oankocht wurde troch biblioteken en dêr bewarre wurde. Toanielfoarstellingen wurde net 'bewarre', dat wol sizze, se wurde net mei de kamera opnommen en der kin dus ek neat bewarre wurde.

Dochs binne toanielfoarstellings sawol foar it publyk as foar wittenskiplik ûndersyk like nijsgjirrich as boeken. As de Omrop guon foarstellingen ris opnimme en útstjoere soe, dan hoegden se net de hiele jûn dy twa oerkes tillevyzje fan harsels te werheljen.

Op 19 jannewarje 2010 is it 150 jier ferlyn dat der foar it earst in Frysktalich toanielstik opfierd waard. Te Holwert brochten de leden fan in sjongselskip in stik fan Tsjibbe Gearts van der Meulen op 'e planken: "Mâl út, mâl thús". Dat wie it begjin fan de bloei fan it Fryske toaniel. Bouke Oldenhof hat der meinimmend oer skreaun yn dat fraaie plaatsjeboek dat oer de Fryske literatuer giet, "Zolang de wind van de wolken waait".

It moaiste stik dat ik yn 2009 sjoen ha wie te Mantgum. Dêr spile Frisia 1874, ûnder rezjy fan Monte Huizinga, in stik fan de Amerikaanske skriuwer Neil Simon, oerset troch Anne Tuinman, "Plaza Suite 719".

Oarspronklike stikken ferskine der opheden net safolle. Dat is nuver, want der binne genôch Fryske skriuwers dy't wol wat foar it Fryske toaniel betsjutte koene. Spitigernôch binne de literêre wrâld en de toanielwrâld doch wat 'gescheiden circuits'. Dat moat al oars, wol Fryslân ea kulturele haadstêd fan Europa wurde. Dat lêste is ommers de ambysje fan de Deputearre fan Kultuer, Jannewietske de Vries. Oan Tresoar sil it net lizze. Dy ha op har side in titellist fan 1235 Frysktalige toanielstikken, oarspronklik of oerset, dy't úтлиend wurde kinne.

Miskien dat der tiisdei 19 jannewarje in Fryske kultuerbuorrel holden wurde kin. Dan betinke wy it 150-jierrich bestean fan it Fryske toaniel en kinne der plannen foar de oankommende tsien jier makke wurde.

(Sjoch:

<http://www.frysketoanielkatalogus.tresoar.nl/>
<http://www.staf-fryslan.nl>)